

Antwurden Tekstbegryp ensfh. A 24 septimber 2016

Bûten it korreksjemodel wurdt alles goed rekkene wat yn 'e hânwurdboeken fan de Fryske Akademy stiet, útsein dy gefallen dat dêr wurden yn foar komme dy't yn 'e lesstof ferkeard rekkene wurde (b.g. 'dik' as oersetting fan Ned. dik, 'lústerje' as oersetting fan Ned. luisteren of 'raam' as oersetting fan Ned. raam). By de ûnderdielen C, D en F wurde staveringsflaters ek rekkene, by de oare ûnderdielen net.

TEKSTBEGRYP

A. De fragen moatte yn it Frysk en yn folsleine sinnen beäntwurde wurde. Mei-inoar 23 punten.

1. Neffens Chris van Hes hat de jongerein ferlet fan in Fryske 'autocorrect' (2 punten) yn WhatsApp (2 punten) Mei-inoar 4 punten.
2. De fiif foarbylden dy't Van Hes neamt, binne: 1. it absolute oantal sprekkers wie noch nea sa heech, 2. it Frysk wurdt rûnom troch de jongerein skreaun, 3. yn doarpen wurdt it Frysk hieltyd mear sichtber, 4. de oerheid krûpt sa stadichoan út syn komfortsône wei, 5. it tal eksamenkandidaten Frysk is tanommen. *Ien punt foar elk goed foarbyld. Der hoege hjir mar fjouwer goede foarbylden neamd te wurden. Mei-inoar 4 punten.*
3. It Frysk is minder fanselssprekkend wurden yn de gruttere plakken en de direkte forinzedoarpen dêromhinne. *Ien punt foar elk goed foarbyld. Mei-inoar 2 punten.*
4. Hy twivelet omdat yn dat ûndersyk ommers ek sein wurdt dat it oantal jonge sprekkers fan streektalen en dialekten yn Flevolân, dus gjin allochtoane talen, tanommen is fan 2% yn 1994 nei 12% yn 2014. (2 punten)
5. Neffens Van Hes wurdt der mei ynternet en smartphones just hieltyd mear (Frysk) skreaun. (2 punten)
6. De twa ynstânsjes dy't wat oan de kwaliteit fan it Frysk dwaan moatte binne de Fryske Akademy en de provinsje. (2 punten)
7. De fjouwer foarbylden/programma's dy't Van Hes neamt, binne: Facebook, Google, Firefox en WordPress. *Ien punt foar elk goed foarbyld. Mei-inoar 4 punten.*
8. De opdracht dy't Van Hes foar de Fryske Akademy en de provinsje hat is: flot begjinne mei it ûntwikkeljen fan in Fryske 'autocorrect' en dy beskikber meitsje foar smartphones. (3 punten. Oardel punt foar elk goed antwurd.)

TAALEIGEN

B. Twa punten foar elke goede betsjutting of omskriuwing. Mei-inoar 20 punten.

1. gâns = in protte, in soad
2. tefoaren = dêrfoar, earder, foar dy tiid
3. nea = noait
4. krûpt út wei = komt tefoarskyn út
5. bygelyks = om in foarbyld te neamen
6. úthâlde = bewearre
7. ienris = ien kear
8. foldocht = goed genôch fine, nei 't sin wêze
9. guon = sommige, inkelde
10. oer te setten = te fertalen

C. Twa punten foar elk goed wurd. Mei-inoar 20 punten.

- | | | |
|-----------|----------------|----------------|
| 1. merke | 5. tiis | 9. telâne |
| 2. rikjen | 6. skriuwe | 10. weibringst |
| 3. trekke | 7. gewaarwurde | |
| 4. harkje | 8. wurke | |

D. Twa punten foar elk goed ynfolle wurd. Mei-inoar 20 punten.

- | | |
|----------|---------|
| 1. wêr't | 6. Der |
| 2. dizze | 7. Dêr |
| 3. Wêr | 8. wer |
| 4. Dat | 9. dy |
| 5. dêr't | 10. dit |

OERSETOPDRACHT

E. Trije punten foar elke goede sin. Mei-inoar 15 punten.

1. Yn 'e/de fakânsje hawwe de bernsbern/pake- en beppesizzers by ús útfanhûze/útfanhuze.
2. Wa hat ús nij stekje by de foardoar iependien?
3. It famke hie it doaske dêr't it jild yn siet, weibrocht/weitôge.
4. Ta myn spyt stimde hy/er yn de gearkomste tsjin it útstel.
5. Hja/Se sizze/Der wurdt sein dat der mear goede ferhalen oer swier waar binne.

YNTERFERINSJES

F. Ien punt foar elke goede ferbettering. Mei-inoar 13 punten.

- | | |
|------------------------|---------------------------|
| 1. hoopt = hopet | tsjin = foar |
| korfball = kuorbalje | slikke = ynnimme |
| tsjinfalt = ôffalt | 4. foar = om |
| 2. De ankel = It ankel | 5. spruts = prate |
| pine = sear | rustich = rêstich/kalm |
| tidens = ûnder/yn/by | folle = in protte/in soad |
| 3. falt mei = falt ta | |

Mei-inoar kinne op dit ûnderdiel 111 punten helle wurde. By dit ûnderdiel wurdt útgien fan in noarm fan 60% goed (= 66,6 punten) is in foldwaande (5,5). Mocht dêr oanlieding ta wêze, dan kin de Eksamenkommisje dêrfan ôfwike.